



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE

Wurdum Fr e.o.

Snein, 21 augustus 2011

Tsjinst fan tarieding

De âlderling fan tsjinst hjit ús wolkom. Us iepeningsliet is Gesang 1:



Bemoediging:

Vg: Genade zij u en vrede van God, onze
Vader en van Jezus Christus, de Heer
Gem: Amen

Hierna zingen wij Psalm 138:

*U loof ik, Heer, met hart en ziel,
in eerbied kniel ik voor U neder.*

Tsjinst fan it Wurd

De 1e lêzing is út Eksodus 31: 18 (Naardense Bibel). Oanslutend sjonge we de Tsien Wurden út Tuskentiden 220:

*Tsien kear haw Ik d' Egypt'ners rekke,
Tsien pleagen haw ik har mei slein;
Tsien wurden wol ik ta dy sprekke,
Dêr haw Ik heil en fred' yn lein.*



De 2e
lêzing is út
Lukas 11:
14-28

Ferkundiging

It duvelske bestiet! Der binne tal fan machten dy't ús yn de besnijing hawwe kinne. It kweade

dat macht oer ús krije kin hat it leafst, dat it demoanyske net beneamd wurdt. Want salang kin it syn gong gean. Dy machten hâlde net fan kommunikaasje. Gjin kommunikaasje hâldt minsken ommers stom. Salang der gjin demonstraasjes plak fine, kinne diktators harren gong gean. Mei sweien kinne wy elkoar slimmer treffe as mei praten. Der is hast neat slimmer as minsken dy't harren ûntefredenens uterje mei lang stúmjen. Sweien is de dea. Sûnder sprekken gjin fertrouwen, gjin hope, gjin leafde. Oeral dêr't it sweien oplein wurdt, krijt it kweade de romte. Lykas it seksueel misbrûk yn de Roomsk-Katolike tsjerke. Wy wurde befrijd troch it wurd. Wy kinne oansprutsen en rekke wurde troch in wurd, in liet,



in gedicht. In wurd kin ynsjoch jaan, it Wurd fan God makket frij. Yn de Fryske bibeloersetting stiet: "As ik troch de finger Gods it kweade útban, dan binne jimme frij." Alle kearen as der sprake is fan "de finger Gods", dan wurde minsken befrijd. Jezus is de belicheming dêrfan: it demoanyske wurdt ferbrutsen! Kristus wennet ûnder ús yn it Wurd. It Wurd makket frij. Amen.

Blommen

De blommen geane nei de

famylje
Rinsma
oan de
Legedyk.
Hja
ferhúzje
begjin
septimber
nei Grou.



Kollekten

1e kollekte is foar de sinding, de 2e foar de tsjerke.



Gebeden

Alle gebeden komme gear yn it "Us Heit", dat we mei elkoar bidde.

Us slotliet is: "Hear, wês mei ús oant in oare kear."



Seine

Sterke mei de seine fan God, geane wy wer op hûs oan.



Meiwurkers

Foargonger:	Ds.A. Terlouw
Koster:	Wiebe Brouwer
Oargeliste:	Klaske Deinum
Alderling fan tsjinst:	Geartsje van der Meer
2 ^e âlderling:	Arie Dol
Diakens:	Tjitske Visser, Alie Kalsbeek
Blommen:	Etje Posthuma